

Taspraak

Beste oanwêzigen, beste Alpita,

Op in woansdeitemiddei trije wike lyn gie jo tillefoan. De reden? Ik mocht jo fertelle dat jo de Dr. Joast Halbertsmapriis wûn hiene. De Fryske priis foar skiednis, taal, literatuer en sosjale wittenskip. Prachtich nijs fansels. Mar dizze kear ek hiel bysûnder, want: jo krije de priis foar de biografy oer...: Joast Halbertsma! In man dy't ien fan de wichtichste Friezen út de skiednis neamd wurde kin, seit de sjuery.

Elkenien dy't dy neier besjocht, en dat hawwe ik fansels dien, sil ûntdekke dat jo in bepaalde fassinaasje hawwe foar Joast Halbertsma. Yn 2009 hawwe jo in dissertaasje oer him skreaun, yn 2018 hawwe jo 'Joost Halbertsma (1789-1869) Triomfen en tragedies van een uitmiddelpuntig man' publisearre. En no krijst dizze moaie priis foar 'Joost Halbertsma 1789-1869; In biografy.'

De sjuery hat jo al priizge foar jo wurk. En mei rjocht. It is moai dat dyn namme op de list mei winners komme kin, lykas Hotso Spanninga, de lêste winner, fan 2017 wer en de alderearste winner Gerrit Knop, dy't de priis yn 1948 wûn. En dêrtusken noch in protte oare nammen dy't allegear prachtige wurken skreaun hawwe.

Joast Halbertsma kaam út Grou en wie predikant, skriuwer en taalkundige fan berop. Hy wurdt ek wol 'Mister Fryslân' neamd om't er in soad ûndersyk nei de Fryske skiednis en identiteit dien hat. Hy is ek de grûnlizzer fan it earste wittenskiplike Fryske wurdboek. Om al dy redenen hawwe wy de priis foar skiednis, taal, literatuer en sosjale wittenskip nei him neamd. It is geweldig dat der noch safolle skreaun wurdt oer de skiednis en identiteit fan Fryslân en oer de bysûndere minsken út ús provinsje.

Lykas jo haw ik ek altyd in spesjale belangstelling foar skiednis hân. Net allinnich de Fryske skiednis, mar yn it algemien. En fansels bin ik as echte Fryske frou tige ynteressearre yn de kultuer, taal en identiteit fan ús heitelân. Wurken lykas dy fan dy en fan al dyn foargongers foldogge oan de ynformaasjehonger fan minsken as ik dy't harren graach yn de skiednis fan Fryslân yn al syn fasetten ferdjipje. Dêrom wol ik jim út namme fan allegearre tank sizze dat jim Fryslân wer wat riker makke hawwe mei in prachtich boek: tige tank. En no oerlangje ik jo graach de priis en fansels lokwinsken. Minsken, mei ik in hertlik applaus foar Alpita de Jong.

Sietske Poepjes, deputearre